

OBS De Finne
O.f.  J
De Greiden 1
9003 MJ WARTEN

Ljouwert, 2 maaie 2023

Ferstjoerd, - 3 MEI 2023

Ús merkteken : 02104643
Ôfd./Opjefte : Subsydzjes
Opsteld troch : Subsydzjes - KGF / (058) 292 59 25 of provincie@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : PF-2023/262347: Beslút oangeande jo oanfraach foar de oanskaf fan materiaal en it frijroasterjen fan in wurknimmer. Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter, iepenstelling 2023

Achte  J

Op 7 maart 2023, lêste oanfolling op 25 april 2023, hawwe wy jo subsydzje-oanfraach yn it ramt fan de subsydzjeregeling Frysk foar no en letter (hjernei: de regeling) ûntfongen.

Jo freegje in subsydzje fan € 15.000,- oan foar de oanskaf fan materiaal en it frijroasterjen fan in wurknimmer (hjernei: jo projekt). Jo oanfraach is by ús ûnder saaknûmer PF-2023/262347 registrearre. Yn dit brief stiet ús beslút en lizze wy út wêrom't wy dat beslút nommen hawwe.

Wat is ús beslút?

Wy hawwe besletten jo in subsydzje fan € 14.400,- te jaan.
Wy stelle it subsydzje hjirby daliks op dat bedrach fêst.

Motivearring

It frijroasterjen fan in wurknimmer om it Frysk op jo skoalle foar it primêr basisûnderwiis te ferbetterjen past yn de doelstelling fan haadstik 3 fan de regeling. Jo projekt foldocht ek oan de kritearia fan kêst 3.2 fan de regeling.

It giet om in subsydzje foar ien kear, dêr't yn it gefal fan takomstige aktiviteiten gjin rjochten oan ûntliend wurde kinne.

Parsjele wegering

Jo krije net alle subsydzje dy't jo oanfrege hawwe. De reden fan dy parsjele wegering leit yn it neikommende.

Jo freegje in subsydzje oan fan € 600,- foar de oanskaf fan materiaal. As jo subsydzje oanfreegje foar materiaal is it ferplicht in offerte of faktuer by it oanfraachformulier ta te heakjen. Op dy wize is it dúdlik wat de kosten krekt binne en kin jo subsydzje dêrop basearre wurde. By jo oanfraach siet gjin offerte of faktuer taheakke en dit koe ek net op koarte termyn oanlevere wurde. Hjirtroch moatte wy dit part fan jo subsydzje-oanfraach wegerje. Op 24 april 2023 is hjiroer kontakt mei jo west fia de mail.

Wêr is it subsydzje foar bedoeld?

Wy jouwe it subsydzje op grûn fan jo folsleine oanfraach. Yn ûndersteande tabel stiet hoefolle subsydzje oft jo de aktiviteit krije.

	Omskriuwing fan de subsidiearre aktiviteiten	Totale kosten út begrutting	Subsidiabele kosten	Fêststeld subsydzje-bedrach
1	Oanskaf fan materiaal	€ 600,-	€ 0,-	€ 0,-
2	Frijroasterjen wurknimmer (360 oeren x € 40)	€ 14.400,-	€ 14.400,-	€ 14.400,-
	Totaal	€ 14.400,-	€ 14.400,-	€ 14.400,-

Projektperioade

Út de ynformaasje fan jo oanfraach docht bliken dat jo projekt op 31 augustus 2023 útein set en op 31 augustus 2024 realisearre wêze sil.

Ferliening útfieringstermyn

Jo jouwe oan de aktiviteiten net binnen tolve moanne nei de datum fan subsydzjeferliening útfiere te kinnen. Jo hawwe dêrom om in ferlinging mei fjouwer moanne fan de útfieringstermyn frege. Wy geane akkoart mei dit fersyk en ferlingje de útfieringstermyn oant sechstjin moanne.

Wat binne jo ferplichtings?

Mei behâld fan de ferplichtings dy't út de Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013 folgje, wurde by dizze fêststelling fan it subsydzje de neikommende ferplichtings oan jo oplein:

- Jo fiere jo aktiviteiten út sa't jo yn jo oanfraach oanjûn hawwe;
- As wy dat fan jo freegje, litte jo sjen dat de aktiviteiten dêr't jo subsydzje foar krigen hawwe, útfierd binne. Jo kinne dat dwaan troch t frijroasterjen út bliken docht mei in oeren registraasje ûndertekene troch de frijroastere wurknimmer en de liedingjaande;
- It kin wêze dat jo de aktiviteiten dêr't dit subsydzje foar bedoeld is, net op 'e tiid of hielendal net útfiere kinne. Ek kin it wêze dat jo net mear oan de ferplichtings foldwaan kinne. Dat moatte jo altyd daliks oan ús trochjaan. As jo dat net op 'e tiid of hielendal net dogge, dan kinne wy it subsydzje mei 3% ferleegje;
- Jo moatte alle stikken dy't mei dit subsydzje te krijen hawwe, op syn minst fiif jier bewarje;
- Jo moatte binnen in termyn fan sechstjin moanne fan de datum fan de beskikking ta fêststelling ôf te realisearjen.

Wy stelle it dêrneist op priis dat jo by it útfieren fan jo aktiviteiten oanjouwe dat de realisearje dêrfan (mei) mooglik makke is troch in finansjele bydrage fan de provinsje Fryslân.

It net foldwaan oan de boppeneamde ferplichtings kin fan dy gefolgen wêze dat dizze subsydzjefêststelling ynlutsen wurdt of yn jo neidiel wizige wurdt.

Hoe wurdt it subsydzje útbetelle?

It fêststelde subsydzjebedrach is € 14.400,-. Wy stribje dernei dat wy binnen twa wike nei de ferstjoerdatum fan dit brief dat bedrach op jo rekken mei nûmer [REDACTED] op namme fan Stichting Proloog oerboekt hawwe. By de betelling fermelde wy it skaaimerke fan dit brief en OBS de Finne. As de neamde betelgegevens net (mear) doge, dan hearre wy dat graach fan jo.

Hokker wet- en regeljouwing is fan tapassing?

Op dit beslút binne de Algemene wet bestuursrecht, de Algemene subsidieverordening provincie Fryslân 2013 en de regeling fan tapassing. Mear ynformaasje dêroer fine jo fia www.fryslan.frl en wetten.overheid.nl.

Op dit beslút is ek de Beliedsregel foar it foarkommen fan misbrûk en ûneigentlik gebrûk by subsydzjes 2017 (M&O-belied) fan tapassing. Dat betsjut dat wy kontrolearje kinne oft jo de aktiviteiten útfierd hawwe en oan de ferplichtings foldien hawwe. Wy dogge dat troch it opfreegjen fan ynformaasje en it ôflizzen fan tafersjochbesiten.

Hawwe jo noch fragen?

Nim by fragen kontakt op mei de provinsje Fryslân. Dat dogge jo troch te beljen nei (058) 292 5925. Jo kinne ek in e-mail nei provincie@fryslan.frl stjoere of in brief nei: Provinsje Fryslân, ôfdieling Subsydzjes, Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert. Wy wize jo der mei klam op dat jo alle korrespondinsje mei ús oangeande jo projekt fia it neamde e-mailadres en/of postadres fiere moatte.

By kontakt mei ús graach altyd it saaknûmer PF-2023/262347 neame, dat wy jo better helpe kinne.

Wy wurdearje jo ynset foar de Fryske taal en winskje jo súkses by it realisearjen fan de subsidiearre aktiviteiten.

Mei rju achting,

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,



[REDACTED]

ôfdielingshaad Subsydzjesaken

Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- a. de namme en it adres fan de yntsjinner;
- b. de deitekening;
- c. in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimer* fan it beslút;
- d. de grûnen fan it beswier;
- e. de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op www.fryslan.nl ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 59 25.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen

P Art. 5.1 lid 5

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de onevenredige benadeling welke, in uitzonderlijke gevallen, wordt toegebracht aan een ander belang dan genoemd in art. 5.1 de leden 1 en 2, bij andere informatie dan milieu-informatie.